

Formulier foar de fiering fan it Hillich Nachtmiel (5)

Gemeente fan ús Hear Jezus Kristus,

Ynstelling

Wy binne hjir byinoar om neffens it befele fan ús Hear syn dea te ferkundigjen. Earst hearre wy hoe't de ynstelling fan it nachtmiel yn it hillich evangeelje beskreaun wurdt :

*Under iten naam Jezus brea, tanke, breek it yn stikken en joech it oan 'e learlingen mei de wurden: Nim en yt, dit is myn lichem. Doe naam Er de beker, tanke en joech him oan de learlingen mei de wurden: Drink hjir allegearre út, want dit is myn Ferbûnsbloed. It wurdt foar gâns minsken stoart, dat har de sûnden ferjûn wurde. Ik sis jimme: Fan no ôf oan sil Ik perfoarst net mear drinke fan wat de wynstok jout, oant dy dei dat Ik mei jimme nije wyn drinke sil yn myn Heite Keninkryk.*¹

Kristus betinke

Wy betinke dat de Hear Jezus oan it krús syn lichem en bloed jûn hat foar dy't fan him binne. Yn grutte leafde foar ús hat Hy him offere, dat wy net stjerre soenen mar libje.² It nachtmiel rjochtet ús omtinken op dizze selde selsoerjefte fan de Hear. It ferfollet ús mei skamte om ús sûnden, mar ek mei tankberens om syn fersoene leafde.

Mienskip en ferwachting

Wy belibje oan dizze tafel de ienheid mei Kristus en meiïnoar fol freugde. Troch de fiering fan it nachtmiel wolle wy inoar tsjinje yn 'e gemeente. Tagelyks ferwachtsje wy it weromkommen fan ús Hear Jezus. Oan it nachtmiel meie wy alfêst eat priuwe fan de bliidskip dy't de brulloft fan it Laam jout. Strak sil ús Hear mei ús fannijs wyn drinke yn it keninkryk fan syn Heit.³

Dêrom meie wy it nachtmiel ek net achteleas en sûnder ynfieren leauwen fiere. Wy moatte dat krekt dwaan mei earbied foar God en yn hillige spande ferwachting. Strak sil de Hear alle triennen út ús eagen wiskje⁴ en en sil oan alle brutsenheid en need in ein kaam wêze.⁵ En Hy sil oer alles en allegear regearje.⁶

Bea

Hear, ús God en Heit, wy tankje jo foar it geskink fan it nachtmiel. Wy priizgje jo foar de leafde fan Kristus : dat Hy him foar ús oerjoech ta yn de dea. Wy belide ús skuld en tankje jo foar de ferjouwing fan ús sûnden. Stjoer ús jo hillige Geast, dy't Hear is en libben makket, dat wy fieden wurde mei Jezus Kristus, it brea út 'e himel. Wy sjogge út nei it weromkommen fan ús Hear, nei de brulloft fan it Laam. Moedigje ús op mei dat foarútsicht, wannear't wy yn dit libben muoite, skuld en brutsenheid ûnderfine. Hear ús bea yn Jezus' namme. Amen.

Belidenis fan it leauwe

De Apostoalyske Belidenis fan it leauwe of de Belidenis fan Nicea, sprutsen of songen.

Opwekking

Dit brea en dizze wyn binne ôfbyldingen fan it lichem en bloed fan ús Hear Jezus Kristus. Lit ús dêrom ús herten rjochtsje op him, dy't kening yn'e himel is, en gasthear oan dizze tafel.

Fiering

By it brekken en útdielen fan it brea sprekt de foargonger :

It brea dat wy brekke, makket ús ien mei it lichem fan Kristus. Nim, yt, betink en leau, dat it lichem fan ús hear Jezus Kristus jûn is om al ús sûnden folslein te fersoenjjen.⁷

En as hy de beker jout :

De beker mei wyn, dêr't wy God foar loovje en tankje, makket ús ien mei it bloed fan Kristus. Nim, drink allegear dêrút, betink en leau, dat it kostbere bloed fan ús Hear Jezus Kristus fergetten is om al ús sûnden folslein te fersoenjjen.⁸

By de geande fiering kinne dizze wurden kombinearre wurde ta :

It brea dat wy brekke, makket ús ien mei it lichem fan Kristus. De beker mei wyn, dêr't wy God foar loovje en tankje, makket ús ien mei it bloed fan Kristus. Nim dit brea en dizze beker, yt en drink, betink en leau dat ús Hear Jezus Kristus, syn lichem en bloed jûn hat om al ús sûnden folslein te fersoenjjen.

Under de fiering kin lêzen, songen of muzisearre wurde.

By de tanksizzing kin men in kar meitsje út de folgjende alternativen of se beide brûke.

Tanksizzing (1)

Lit ús de Hear tankber priizgje.

Hy sels hat syn eigen Soan net sparre, mar Him foar ús allegearre oerlevere – hoe soe Er ús mei Him dan net alles út genede jaan? Wa sil wat ynbringe tsjin harren dy't God útkeazen hat? God sels is it dy't har frijsprekt, wa sil har feroardielje? Kristus Jezus is it dy't stoarn is, mear noch, dy't ek opwekke is, dy't sit oan Gods rjochterhân en ek foar ús yn 'e pleit giet. Nieat kin ús skiede fan Gods leafde yn Jezus Kristus, ús Hear.⁹

Tanksizzing (2)

Hear, ús God, wy tankje jo hertlik foar de fiering fan dit nachtmiel. Jo bewissigje ús dat wy troch Jezus Kristus ferjouwing fan ús sûnden en ivich libben hawwe. Jou dat wy troch jo hillige Geast groeie yn leauwen. Jou ús de krêft om yn ús libben te fjochtsjen tsjin sûnde en steande te bliuwen yn oanstriid. Lit ús útsjen nei de dei fan Kristus. Ferfolje al jo ûnthjitten. Dit alles bidde wy jo om Kristus' wil. Amen.

Liet

De fiering fan it nachtmiel wurdt ôfsletten mei it sjongen fan in psalm of gesang.

-
- | | | | | |
|----|-------|--------------|----------------|-----------------------|
| 1. | Mt | 26 : 26 – 29 | | |
| 2. | Rom | 6 : 1 - 11 | | |
| 3. | Mk | 14 : 25 | Iep 19 : 6 – 9 | |
| 4. | Jes | 25 : 8 | Iep 7 : 7 : 17 | Iep 21 : 4 |
| 5. | Jes | 2 : 4 | Jes 11 : 4 – 9 | 1 Kor 15 : 54 |
| 6. | 1 Kor | 15 : 26 – 28 | | |
| 7. | 1 Kor | 10 : 16 | Mt 26 : 26 | Luk 22 : 19 Gal 1 : 4 |
| 8. | 1 Kor | 10 : 16 | Mt 26 : 27, 28 | |
| 9. | Rom | 8 : 32 – 39 | | |